

Útslach FFU-enkête novimber 2016 en diskusje

Th. Dykstra

Tal respondinten: 27 (in tredde part fan de leden).

1. Hoe lang al lid?

De helte fan de respondinten is lid fan 1987 ôf.


2. Doel: in folweardich plak foar it Frysk

Alle leden binne it dêrmei iens. Wy hawwe gjin omskriuwing jûn, mar as fak en fiertaal hat it dan deselde status en ek plak (tiid) yn it programma/lesroaster as it Hollânsk. Wêrom? Fanwegen de taal, om de kulturele rykdom en om it demokratysk rjocht as mienskip, al binne guon leden skeptysk oer de realisaasje.

3. Aksje fan de FFU nei hokker doelgroepen?

De FFU is ynearsten oprjochte as in âlderferiening om sterker te stean as it giet om ûnderwiis yn it Frysk foar harren bern. Dus om de skoallen oan te sprekken op harren taak foar it Frysk. Underfining hat lykwols leard dat yndividuele âlden gjin aksje nei de skoalle fan harren bern wolle om foar te kommen dat de bern dêrom troch it persoanlik negatyf behannele wurde soenen.

Respondinten oer op hokfoar doelgroepen oft de FFU him rjochtsje moatte soe:



Taljochting:

- It ûnderwiis is in sletten systeem. It wurdt sintraal regele (De Haach) en foar it grutste part ek betelle. De lanlike wetjouwing en de ynspeksje (eagen en earen fan De Haach) kontrolearret de kwaliteit.
- De provinsje Fryslân hat gjin autonoom foech op it mêd fan it Frysk en kin allinnich stimulearje. De iennichste formele wetlike taak is it jaan fan *ûntheffing* fan ûnderwiis yn it Frysk.
- De skoalbestjoeren hawwe noch altiten de frijheid om binnen it wetlik ramt it ûnderwiis yn te rjochtsjen en it Frysk al of net fan belang te achtsjen. Neist tsjinstanners ûnder de learkrêften binne der ek foarstanners.

It falt op dat de leden de *sterkste* partij (= it lanlik regear) it minst faak neame.

De skoalbestjoeren mei de learkrêften (21x) kinne by de besteande wetjouwing it Frysk yn it basisûnderwiis in lykweardich plak te jaan as it giet om it tal oeren en de fiertaal. Wat hâldt harren tsjin? Benammen de easken foar it Nederlânsk. De âlden? De learkrêften (noch net de helte hat it foech Frysk)? De ynspeksje?

Foar it fuortset ûnderwiis leit it minder maklik, omdat wetjouwing net tarikkend is en it eksamen Frysk gjin ferplichting is.

De provinsje hat pro forma de mooglikheid krige om útstellen foar keardoelen Frysk te formulearen en wat te regeljen mei it 'earmerke' jild foar it Frysk (f.û.) en it útlûken fan ekstra jild foar ûnderwiis (yn it Frysk).

4. Is in ûnôfhinklike posysje fan de FFU fan belang?

Profesjonele stipe-organisaasjes as de Afûk (learmiddels) en Cedin (advys en begelieding) binne op himsels goed, mar ôfhinklik fan de fraach fan de skoallen. Ek nei de (provinsjale) polityk ta jildt itselde: ôfhinklik troch de sulveren koarde. Krietyk kin eins net. Op syn bêst advys.


It grutste part fan de respondinten (22x) achtet in ûnôfhinklike posysje fan de FFU wichtich. Opmerklik, omdat it net echt slagge is om fan de FFU in sterke, grutte organisaasje te meitsjen. Wêrom net?

- Gjin goede pr/ aksjes?
- It skoalsysteem lit him – op de ynspeksje nei – net beynfloedzje (wa't betellet, bepaalt)?
- De mearderheid fan âlden en learkrêften wolle gjin 'taalstriid'?


5. Beoardieling fan FFU-aktiviteiten

Yn alle figueren hjirûnder jouwe de leden mei 1 (net wichtich) en mei 5 (tige wichtich) oan hoe wichtich oft hja de FFU-aktiviteiten achtsje.


Kontakten mei de media:




Oerlis mei provinsje:




Kontakt mei pol. partijen / de Steaten:




Brieven oan Twadde Keamer:




Kontakt yndividuele skoallen:




Kontakt mei ûnderwiisynspeksje:




Oerlis mei Afûk (oer bgl. materiaal):




Oerlis mei Cedín:



Minsken dy't har tige ynsette foar it Frysk yn it sintsje sette:




Underwiisminsken stimulearje:



De leden binne almeast net sa posityf oer it mooglik *belang* fan de neamde FFU-aktiviteiten (fan net wichtich oant wichtich). Yn de taljochting wurdt it ynformearjen fan bestjoeren, learkrêften en âlden wol neamd as wichtige saken. Benammen fasilitearje en gjin wjerstân oproppe? Minsken yn it sintsje sette skoart it heechste as it om wichtich achte FFU-aktiviteiten giet.

6. Beoordieling provinsjaal belied.

De leden binne net bot te sprekken oer de provinsje. Der soe mear en better aksje komme moatte. Wat opfalt, is dat de leden oerlis mei de provinsje net sa wichtich achtsje, mar wol oanjouwe dat provinsje mear dwaan moat.



7. Moat de provinsje folsleine ûntheffing jaan?


Hast alle leden binne tsjin folsleine ûntheffing (25 nee [is: gjin ûntheffing jaan]; 2 ja).

8. Foar hokfoar keardoelen soenen de skoallen in parsjele ûntheffing krije meie as it om Frysktalige bern giet?

De *grutte mearderheid* (22x) achtet it jaan fan ûntheffing net goed. Men moat net te benaud wêze en foar de Stellingwerven en de waadeilannen kin der wat soepeler mei omgien wurde. ûntheffing is yn striid mei lykwaardichheid, want foar oare fakken bart dat ek net.

Oaren: ûntheffing foar (Frysk) lêzen (2x), skriuwen (1x), ferstean (1x) en fertelle / prate kinne (2x).

9. Foar hokfoar keardoelen soenen net-Frysktalige bern ûntheffing krije meie?




De helte fan de respondinten tinkt dat gjin ûntheffing nedich is (15 x).

Oaren: ûntheffing foar ferstean (2x), ienfâldich briefke skriuwe kinne (8x!), lêze kinne (1x), fertelle kinne (2x). Yn de taljochting is wol begryp foar bern fan flechtlingen, mar fierder kinne de Hollânsktalige bern bêst Frysk leare neffens de respondinten.

Opm.: it figuer is net hielendal goed en folslein ôfprinte.

10. Wat tinkt jo fan it lanlik belied foar it ûnderwiis yn it Frysk?



De helte fan de respondinten achtet dat belied slim ûnfoldwaande.

De taljochtings jouwe roppe it byld op fan it Pilatus-effekt, d.w.s. it Ryk brûkt moaie wurden en ferskûlet him efter de skoallen. De Haach hat der gjin doel oer en soe mear foech nei de provinsje delegearje moatte.

11. Soe foar it ûnderwizend persoanlik behearsking fan it Frysk in funksje-eask wêze moatte?

25 respondinten fine fan wol. Ien achtet passive behearsking foldwaande en ien wit it net.

12. Binne jo fan doel om de jiergearkomste (fan 't hjerst '16) by te wenjen?

De helte fan de respondinten wol komme en de oare helte net. De nee-stimmers fiele harren óf te âld, wenje te fier fuort óf twivelje oan harren ynbring en saakkundigens.

13. Soenen jo aktyf yn de FFU wurde/wêze wolle?

De grutte mearderheid (23x) wol net aktyf wêze en nammen fan potinsjele kandidaten wurde net neamd.

14. Hat de FFU besteansrjocht neffens Jo?

Op 2 nei fine de respondinten dat de FFU besteansrjocht hat (25x).

Ferliking fan de fragen 4], 13 en 14 jout oan dat, hoewol't de measte leden it belang fan de FFU sjogge, hja gjin aktive rol spylje kinne.

Konklúzje(s)

Yn 2017 bestiet de FFU 30 jier. Oprjochte (as âlderferiening) om skoallen oan te trunen wurk fan it ûnderwiis yn it Frysk te meitsjen. In tredde part fan de leden hat reagearre. De resultaten moatte dêrom oer it generaal net te absolút nommen wurde, mar jouwe wol in dúdlike yndikaasje. Boppedat binne de respondinten grif de meast belangstellende leden.

Nei bûten ta (polityk, organisaasjes en skoallen) hat de FFU altiten de druk derop holden om it ûnderwiis yn it Frysk serieuus te nimmen. Fan mjitber sukses is lykwols (noch) gjin sprake. Wol hawwe de bestjoersleden mei ynmoed dwaande west foar in 'rjochtfeardige' saak en soe men sizze kinne dat sûnder de FFU it lân mei it Frysk yn it ûnderwiis der minder foarlein hie.

Foarbyld: as FFU hawwe wy it advys fan de SLO om lichtere kearndoelen Frysk foar ferstean en lêzen yn te fieren mei sukses keare kinnen en mei oaren soarge foar ienfâldige kearndoelen foar alle 4

skiften. Om te kommen ta in Fryske (skiednis)kanon hat de FFU ek in inisjearende rol spile dy't ta resultaat laat hat.

It is opfallend dat de leden in tal aktiviteiten fan de FFU (fraach 5) net sa wichtich achtsje, wylst leden en bestjoer it iens binne oer de needsaak fan in lykweardich plak foar it Frysk yn it ûnderwiis. Der liket dus gjin ferskil fan ynsjoch te wêzen oer it *doel*, mar oer de *middels*. It wurk is te folle 'ûnsichtber' bleaun en hat de skoallen net berikt. De leden dy't de enkête opstjoerd hawwe, jouwe lykwols gjin alternatyf oan en wize benammen op 'fasilitearje' en ek wol op 'gjinn wjerstân oproppe' (benaud foar tsjinaksje?).

Nei binnen ta is mooglik te min gebrûk makke fan it ferieningsmodel en efterôf besjoen hawwe bestjoersleden mooglik te lang sitten, mei omdat oaren (mei oare ideeën?) de karre net lûke woenen of koenen. ûnderwiis is in sletten systeem en goed organisearre en it foardiel fan de saakkundigens fan de bestjoersleden op ûnderwiismêd kin ek as in neidiel wurkje (om mei Johan Cruyff te praten) .

Fan in tanimming fanit tal leden is gjin sprake. Wol fan in hiele stadige delgong en de respondinten – ek al achtsje se in organisaasje as de FFU wichtich – jouwe oan dat sy gjin belang hawwe by of foar harsels gjin mooglikheden sjogge om it 'stokje' fan it sittende bestjoer oer te nimmen.

Foar it bestjoer,

Tom Dykstra (*foarsitter*)